

Fryske Krite Hoarn

“Troch de Tael Forboun”

Y N H A L D april 2016

Foarwurd fan de foarsitter	2
Ferlotting en tagongsprizen	5
Ledeberjochten	6
Opjefte foar it breamiel op 9 april	8
Programma fan skûtsjesilen 2016	9
Útnoeging foar 9 april 2016	10
Gedicht: En dôchs wurdt it wer maaitiid.....	12
Ferslach jiergearkomste 18 septimber 2015.....	13
De wurklist winterskoft 2015-2016	18
Wurklist fan susterkriterien	18
Frysk folksliet (“De âlde Friezen”)	19
Bestjoer Fryske Krite Hoarn	20

Kvk. Nummer: 5324 1274

Rabobank rekken: NL54 RABO 0162 2705 77

Lid fan It Frysk Boun om Utens

www.fryskbutenfryslan.nl

Fryske Krite Hoarn “Troch de Tael Forboun”

1911

100
Jier

2011

Foarwurd fan de foarsitter

Oan ús kriteleden,

As men it mient drok te hawwen, is it samar wer tiid foar de kopy. Dit is alwer it lêste kritekrantsje fan it winterskoft. No ja, winter hawwe wy net hân, mar wol moaie kritejûnen. Ús earste grutte jûn wie goed besocht. Op de twadde jûn, op 23 jannewaris, wienen der wat minder harkers. Mar wat waard der goed spile troch de ploech út Holwert. Dat wie goed foar it stik. En Dinie hie de prizetafel ryk fersjoen. Ús lytse jûn, op 26 febrewaris, wie ek tige by tige. Prof. Visser fertelde hoe as de Amish mienskip ûntstien wie. En dan is it moai dat in Fries om “utens” it foar de earste kear yn it Frysk docht. It wie de muoite wurdich. En wat wie der in moaie smite minsken kommen om mear oer de Amish te witten te kommen.

En dan is no ús tredde grutte jûn op kommende wei. Dit jier, 12 novimber, bestiet ús krite “Troch de Tael Forboun” 105 jier.

It Boun om Utens hâld op 9 april har jiergearkomste yn Hoarn. Mei sa’n jubileum is dat in moaie

oanlieding. De jiergearkomste fan it boun begjint om 14.00 oere. Fan de oare susterkrite binne der dan ek ôffeardigen. Al it “wel en wee” wurd dan behannele.

Jimme, as ús leden binne ek tige wolkom. Jûns is der in breamiel. Tsjin in lytse fergoeding kinne jo oanskowe. Mar wol earst oanmelde by ús ponghâlder Popke Slange. Hoe as jo dat dwaan kinne stiet earne oars yn it kritekrantsje.

Jûns komt Kabaret ‘Noordenbos en Ko’. Hja komme mei in nij programma; ‘**FERBINING**’. Wy as bestjoer binne bliid mei harren kommen. It is altyd fleurich en tige ynoarder. Wy hoopje dat in protte Friezen om utens de wei nei de Huesmolen fine kinne. Bauke Kooiker is der foar de muzyk en wy kinne ek noch efkes dûnsje.

De maitiid is al yn oantocht. En as men sjocht nei de krookjes en maarteblomkes, dy ‘t sa prachtich bloeie, wurd it tiid om oan ‘himmeljen’ te tinken. Mar net sa as foarhinne, mei de matten op it houten rak en foar Peaske de kachel der út. Ik soe der net oan tinke moatte. No is soms yn maaie de ferwaarming noch oan.

Der binne minsken fan ús krite siik en oaren kinne net mear nei de jûnen komme. Derom winskje ik eltsenien dat der wer in tiid yn it libben komt, dat it better giet. Dat elts de sinne wer skinen sjocht. Wy wurde allegearre âlder, lyk as ús krite. Wy krije lytse of gruttere mankeminten. Mar wy libje mei eltsenien mei.

Ik winskje eltsenien in moaie maaitiid en in sinnige simmer ta. Dan kinne wy elkoar wer moetsje yn de neisimmer op ús jiergearkomste.

Mei groetnis, Tiny Dijkstra de Vries.

De hazzenutebeam yn it foarjier



Ferlotting en tagongsprizen

Lidmaatskip en tagongsprizen:

It lidmaatskip foar ien persoan is 10 euro foar in hiel jier (It krite jier rint fan juny oant ein maaie). Op de grutte jûnen is de tagongspriis foar leden 2,50 euro en foar **net leden 7,50 euro** mar de lytse jûn is fergees.

Opjefte foar it lidmaatskip kinne jo dwaan by de ponghâlder de hear P. Slange

De sealpriis op de grutte jûnen:

Jo kinne dizze sealpriis winne as jo yn 'e seal sitte op ien fan ús grutte jûnen. By de yngong krije jo in nûmer dat kâns jout op dizze sealpriis.

De ferlotting yn it skoft:

Yn it skoft fan de grutte jûnen wurdt der in ferlotting hâlden.

De prizen bestean meastentiids út in blomke, oranjekoeke, fleske wyn of oare aardichheden.

Jo kinne yn it skoft lotten keapje foar 5 euro en dan krije jo 10 lotsjes fan elk 50 eurosint it stik.

Altyd priis by de keap fan 10 lotsjes.

Presintsje

Oprop oan de leden: presintsje foar de priistafel

Aardich is dat leden ek in presintsje meinimme foar de priistafel. Dan stypje jo ek de krite.

Ledeberjochten

Op 22 jannewaris 2016 ferstoar ús trou kritelid frou Dekker-Kloppenburg fan Wieringerwerf.

Op de roubrief stie de folgende tekst:

*In God is mijn Heil en mijn Eer.
De Rotssteen mijner sterkte,
mijn toevlucht is in God.*

Alie Dekker-Kloppenburg is berne yn Ljouwert op 21 desimber 1942.

It bestjoer en kriteleden winsket de neibesteanden in protte sterkte ta by it ferwurkjen fan it ferlies fan harren mem en beppe.

Autoferfier: Leden dy't yn Hoarn, Blokker en Zwaag wenje en autoferfier nedich ha, kinne kontakt opnimme mei ús skriuwer de hear Vogel (till. 234012).

Lief en Leed

Lief en leed berjochten kinne jimme trochjaan oan:
Tine Bouman-Westra, A. van Beierenstraat 80, 1718XK
Hoogwoud. Till.nr. 0226-353385

Fytse foar 250 euro

Rabo Fyts sponsertocht



De Fryske Krite Hoarn docht ek dit jier wer mei oan de fyts sponsertocht organisearre troch de Rabobank West-Friesland.

De tocht is op sneon 11 juni 2015.

De krite kriget 250 euro fan de Rabobank as der 8 minsken fytsje.

Der binne al in pear minsken dy 't harren oanmelden ha. Wa wol noch mei fytsje?

Foar mear ynformaasje kinne jo terjochte by Jetske Leenstra-de Groot.



Opjefte foar it breamiel op 9 april

Sa as jimme witte bestiet ús krite op 12 novimber 2016 105 jier.

Dit fiere wy op 9 april yn de Huesmolen yn Hoarn.

Middeis is der de Algemiene Jiergearkomste fan it Frysk Boun om Utens. Eltsenien is wolkom. Oan it ein fan de middei is der in breamiel om 18.00 oere ek yn de Huesmolen.

Opjefte foar it breamiel moat foar 1 april 2016. De kosten binne 11,50 euro per persoan.

**It jild graach oermeitsje foar 1 april nei:
NL54 RABO 0162 2705 77 Fryske Krite Hoarn**

Jûns komt

Kabaret Noordenbos & KO

mei in hiel nij programma.

Jimme as ús eigen krite minsken kinne dit ek de hiele dei meimeitsje.

It bestjoer

Programma fan skûtsjesilen 2016

	Datum	Wedstrijdplaats	Waar het beste te volgen?
Za.	30-07-2016	Grou	Bij de Tijnje
Ma.	01-08-2016	De Veenhoop	Bij Ie-Sicht
Di.	02-08-2016	Earnewâld	Bij Sânemar
Wo.	03-08-2016	Terherne	Vanaf de pier
Do.	04-08-2016	Langweer	Vanaf het strand van het dorp
Vr.	05-08-2016	Elahuizen	Langs de oever voor het dorp
Za.	06-08-2016	Stavoren	Vanaf de IJsselmeerdijk
Ma.	08-08-2016	Woudsend	Vanaf de Indyk
Wo.	10-08-2016	Lemmer	Vanaf de pier bij het strand
Do.	11-08-2016	Lemmer	Vanaf de pier bij het strand
Vr.	12-08-2016	Sneek	Vanaf het Starteiland

Út bûsboekje 2016 – mei tema Suvel:

- As myn kat in ko wie, kocht ik gjin molke mear.
- 't is krekt as brij ite mei de foarke, sei de feint dy 't by de faam siet, men krijt der nooit genôch fan.
- Men moat alle bûter net op ien stik brea smarre.
- Dêr ha jo de pop, sei pastoarske, en helle de kat út de tsjernammer.

Útnoeging foar 9 april 2016

It bestjoer fan de Krite Hoarn noeget al har leden, sibben en kunde út foar har grutte jûn op 9 april 2016 om 20.00 oere yn 'e Huesmolen te Hoarn foar it kabaret:

'FERBINING'

spile troch

Kabaretselskip

Noordenbos en Ko fan Ferwert

Dat kin der wêze op alderhande mêd.
Brêgen **ferbine** de wâlen. Fleantugen, bussen en
boaten **ferbine** ús mei doarpen, stêden en lannen.

En hoe is dat mei ús as minsken?

Mei de iene ha jo gauwer en yntinser **ferbining** as
mei de oare.

Leafde, muzyk, keunst, taal, sport, en bisten
ferbine.

En ferjit ek de digitale **ferbining** net.
Wy **ferbine** lietsjes en praatsjes oan elkoar,
en hoopje dat de **ferbining** mei jim goed is,
dat wy jim in noflikke jûn besoargje kinne.

Gearstalling Noordenbos en Ko:

De spilers binne:

Aline van der Weij-Struiksmā
Janneke Themmen-Westra
Renie Zuiderveld
Klaske Kingma-Noordenbos

Oan 'e piano: Pieter Jelle van der Laan

Lûd: Henk en Richtsje van den Berg



Muzyk op dizze jûn fan Bauke Willem Kooiker

Gedicht: En dôchs wurdt it wer maaitiid

En dôchs wurdt it wer maityd

Men seit, men seit: "It komt
net goed
Mei dizze wrâld, de wrâld fan
hjoed."

Men seit, men seit: "Hast it al
heard?"

"T Komt al "gear op, e kop
ferkeard."

Men seit, men seit : "noch
even mar
En dizze wrâld stoart
ynmeakoar.

"d, Ekonomie," seit men "rint
fêst.

Dy lean maatregels? Ek net
bêst."

Mar wer in grutte
stakingsdei,

Dêr docht men wakk"re
graach oan mei.

Ek yn ě lânbou komt "t net
klear

En Sinteklaas bestiet net
mear.

Men seit: "De lêste jierren
binn"

Foarelkenien wol sa stiem.

De trend fan dizze jierren is
Us egoïsme , sûnder mis.
Begryp en oandacht foar
elkoar

Dat komt hjir aanst wier net
mear faak foar.

Men seit: "De tiid dy is foarby
Fan leafde en lok , foar dy en
my.

De minske wurdt sa hurd en
koel,
Der is gjin plak mear foar
gefoel.

Rûnom driicht ûntefredenheid
En nearme fynt men
fêstichheid."

En dôchs wurdt it wer maityd.

Natoer hat it no drok;
Sjoch:--heech boppe de
greiden—

De lijg giet oer de wjak:
De krokus yn de blikke,
Fielt fan in driging neat,
Hy wrakselt ta de groun út

En jout syn skientme bleat.

Dit is in gedicht fan Froukje
Annema-Noardenbos

Ferslach jiergearkomste 18 septimber 2015

De foarsitter iepent de gearkomste en hjit de oanwêzigen wolkom. Neist 7 minsken fan it bestjoer binne der 20 minsken nei “De Huesmolen” kaam.

Frou Vogel en de fam. Bouma hawwe sein dat hja net komme.

It ferslach fan de jiergearkomste fan 19 septimber 2014 wurd foarlêzen troch de skriuwer. Der binne gjin opmerkings. It ferslach wurd goedkard.

Der binne gjin ynkommen stikken.

It bewâld fan it bestjoer.

Renske hat drok dwaande west om toanielploegen en sjong ploegen nei Hoarn te krijen. Ek soarget hja foar de PR yn 'e kranten . Hja bliuwt it kommende jier dit wurk ek dwaan. Jetske soarge foar de krite krantsjes. It doel is om dit ek it kommende jier sa te hâlden. Popke bliuwt it kommende jier wer ponghâlder. Eppie wie de foarsitter fan 'e krite mar hat oanjoen dat it moai west hat. De sînens wurde der net better op en ek de sînens fan syn Minke binne net al te bêst. Tiny hat har plakje fûn yn it bestjoer en is ree, as de oanwêzigen it goed fine, om de

foarsittershammer fan Eppie oer te nimmen. Jan die bliuwt de skriuwer. Douwe is de man die ynspringt wer hy kin.

Wat hat it ôftrune jier de krite brocht?
De earste grutte jûn wie in muzyk/ fertel jûn.
Bennie Huisman & Douwe Kooistra fersoargen dizze jûn. It wie spitich dat dizze jûn net wie wat de (measte) minsken der fan ferwachte hienen. Op de twadde grutte jûn yn jannewaris wie it toanielselskip fan Drachten mei it stik “Tink om ‘e buorlju” nei de Huesmolen kaam. In boppeslach wie de lytse jûn yn febrewaris mei Anne Nauta út Nij Beets. Hy fertelde oer it turfstekken en ferfeanjen yn Nij Beets en omkriten. De tredde grutte jûn mei sjong groep “Oostergo” foel by de measten net tsjin. Al mei al hienen de earste en tredde grutte jûn foar guon wol better kinnen. It bliuwt lestich om (toaniel)selskippen oer de dyk nei Hoarn te krijen.

It finansjeel oersjoch 2014/2015 stiet yn it krite krantsje. Wy binne dit jier krapoan €200 foarút buorke wilens we it jier derfoar krapoan €600 efterút buorke binne. Dat we foarút buorke binne komt foar in part troch de ferheging fan it stipersjild. Ek wienen we minder jild kwyt oan de selskippen die foar ús spiele hawwe. Om’t we

net oan 'e "Cultuurmarkt" mei dien hawwe ,
hawwe we ek €45 útsparre. De ponghâlder wurd
betanke foar it wurk dat er dien hat.

Afke en Tine hawwe (as rekkenopnimmers) gjin
flaters fûn en wienen tige tefreden mei Popke syn
administraasje. Afke is oan bar om ôf te gean.

Dirk Nooitgedagt nimt har plak as
rekkenopnimmer yn. Dinie bliuwt reserve
rekkenopnimmer.

Der binne gjin minsken west dy't sein hawwe ik
wol wol in sit yn it bestjoer fan 'e krite nimme.
Popke bliuwt as ponghâlder oan en ek Jetske
hâldt har sit oan. Mar Eppie hat sein dat er him
net wer ynhiere lit. Hy hat jierren yn it bestjoer
sitten, de lêste jierren as foarsitter. Eppie sjocht
werom en tinkt oan de kearen dat de
toanielploech it lân yn gie, oan 'e reis nei Kanada
mei de ploech, oan it 100 jierrich bestean fan 'e
krite. Hy tanket de kriteleden en it bestjoer foar it
betrouwen dat hja al die jierren yn him hân
hawwe. Under flink hantsjeklappen langet Eppie
de foarsittershammer oer oan Tiny. Hja nimt it
wurd en sprekt Eppie en Minke ta. Foar al it
wurk dat Eppie dien hat foar de krite wurdt hy as
earelid beneamt. Neist in oarkonde kriget Eppie
in slúfke en binne der sinneblommen foar Minke.
Tiny beslút mei in gedicht oer Fryslân.
Wat stiet er op de wurklist foar 2015/2016?

Op 31 oktober 2015 spilet de krite Assen.
De grutte jûn fan 23 jannewaris en de lytse jûn
fan 26 febrewaris 2016 binne noch net ynfold.
Op 9 april 2016 hâldt it FBoU de jiergearkomste
yn Hoarn. Jûns kabaret fan “Noordenbos & Ko”

Frou Bouman komt mei it foarstel om ris in
Nederlânsk of West-Fries stik te spylje. It
bestjoer sil dit meinimme en yn ‘e jiergearkomste
fan septimber 2016 útslútsel jaan.

By it omfreegjen komt de twadde foarsitter op it
aljemint. Yn it bestjoer is it ek al oan bar west.
Douwe wurdt de twadde foarsitter.
Der wurdt ek frege oft wy as krite net ris nei in
toanieljûn yn Fryslân gean kinne as it sa swier is
om in toanielselskip nei Hoarn te krijen. Ek dit
foarstel sil it bestjoer meinimme en yn septimber
2016 útslútsel jaan. Ek wurdt der noch frege oft it
mooglik is dat de krite nochris in Fryske tsjerke
tsjinst organisearje kin. Mooglik in gearwurkjen
mei de krite Haarlim of mei minsken út
Alkmaar? Benny Huisman en Douwe Kooistra
hawwe net brocht wat we ferwachte hienen. Is it
mooglik om jild werom te krijen? It bestjoer tinkt
fan net. It is no omtrint in jier letter en wat betsjut
“net brocht wat we ferwachte hienen” ?
In tankwurd nei it bestjoer ta fanwege harren
omtinken by in stjergefal.

Wa wol de L&L pot oernimme. Renske hat sein dat hja it tydlik dwaan woe. Frou Bouman nimt it oer fan Renske.

It is omtrint njoggen oere as de foarsitter de jiergearkomste slút.

Nei it bakje kofje mei koeke spylje we in kwis oer plaknammen.

Skriuwer, Jan Vogel

De brêge by de slûzen fan de Ôfslútdyk binne tige wichtich foar it ferkear fan en nei Fryslân.

De ferbining tusken provinsjes



NB: Yn de advertinsje fan Reitsma moat it telefoannûmer wêze: 0517 531799

De wurklist winterskoft 2015-2016

9 april 2016

3e grutte jûn: kabaret mei
Noordenbos & Ko

middeis Algemeine
Gearkomste Frysk Boun
om Utens.

Om 18.00 oere is der in
breamiel.

Wurklist fan susterkrite

- Krite Haarlim “Gysbert Japicx”

Lokaasje: Stedelijk Gymnasium, Jacobijnestraat 2,
2011 TH Haarlim.

- 19 maart 2016: duo Myla, sang en foardracht
bringe Myriam Lindemann en Lammert Mink op de
planken.

- Krite Den Helder “Gysbert Japicks”

Fan de Krite Den Helder hawwe wy gjin wurklist.
(tillefoan 0223 769059 Frou Y. de Vreeze)

Frysk folksliet (“De âlde Friezen”)



Frysk bloed tsjoch op! wol no ris brûze en siede.
En bûnzje troch ús ieren om!
Flean op! Wy sjonge it bêste lân fan d'ierde.
It Fryske lân fol eare en rom.
Klink dan en daverje fier yn it rûn.
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!
Klink dan en daverje fier yn it rûn.
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Trochloftich folk fan dizze âlde namme,
Wêz jimmer op dy âlders great!
Bliuw ivich fan dy grize, hege stamme,
In grien, in krêftich bloeijend leat!
Klink dan en daverje fier yn it rûn.
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!
Klink dan en daverje fier yn it rûn.
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Bestjoer Fryske Krite Hoarn

Foarsitter: Tiny Dijkstra-de Vries
Schoener 3,
1771 EA Wieringerwerf
Till.: 0227 501050
e-mail: ak.dijkstra@quicknet.nl

Ponghâlder¹ en
lede-administraasje: Popke Slange
V. Dedemstraat 4, 1624 NN Hoorn
Till.: 0229 234881
e-mail: pslange@icloud.com

Skriuwer: Jan Vogel
Yellowlaan 4, 1695 HV Blokker
Till.: 0229 234012
e-mail: yellowbirds53@gmail.com

Oare bestjoersleden:

Jetske Leenstra-de Groot Dorpsstraat 293 1689 GE Zwaag Till.: 0229 263735 e-mail: jetskeleenstra@me.com	Renske Nauta-Haagsma Dr. CJK van Aalstweg 19 1625 NV Hoorn Till.: 0229 237267 e-mail: nautahaagsma@hetnet.nl
Douwe Hoekstra Tinnegieter 1 1625 AN Hoorn Till.: 0229 211749 e-mail: ddhoekstra@quicknet.nl	

Eareleden: Frou Janny Bloem-Wouda
De hear Popke Slange
De hear Eppie Kloezen

Lief en leed: Tine Bouman-Westra, A. van Beierenstraat
80, 1718XK Hoogwoud. Till.nr. 0226-353385

¹ Bank: NL54 RABO 0162 2705 77 Fryske Krite Hoarn